

Tekst 1

De ûndersteande tekst hat Willem Verfoardroegen yn it mediakafee fan de Ljouwerter krante en Omrop Fryslân. Dat barde nei oanlieding fan it 250-jierrich bestean fan de Ljouwerter Krante.

De regionale media, in lús yn 'e pels?

- 1 In lús is in dier dat men fange wol om it dêrnei dea te knipen. Wa't ea bern hân hat op pjutteplak of basisskoalle, wit wat it betsjut, luzen. Unbidige jokte. Folders mei ynstruksje fan de GGD. Kilo's klean waskje. Unskuldige bern mei prikelynde, giftige sjampo hyltyd wer ûnder de dûs sette. Wêrom soe in himsels respektarjend sjoernalist de ferliking mei in lús op priis stelle?
- 2 Soe it doel fan de frije parse wêze om de lêzers, of de minsken dêr't reportaažjes oer makke wurde, te klieren? Dat liket my net. Ik haw dat nea goed begrepen, de ferbining dy't der lein wurdt tusken luzen yn 'e pels en de krityske funksje fan de parse. In lús is in parasyt en de Fryske media (kranten, radio en televyzje) soene dat net wêze moatte wolle. Hja binne dat ek net. Dat byld doocht dus net.
- 3 Kritysk wêze is hiel wat oars as bloed sûge en jûkjende niten ûnder de hollehûd bringe mei gjin oar doel as de eigen fuortplanting. Kritysk wêze tsjinnet hegere doelen. Misstannen oan it ljocht bringe. It publyk goed ynformearje oer alle kanten fan in kwestje. Minsken fan kwizekwânsje sa nedich konfrontearje mei har eigen brike setten. En gean sa mar troch.
- 4 Foar de sjoernalist fan hjoed de dei betsjut kritysk wêzen lykwols, dat er him nearne drok oer makket. Jin drok meitsje betsjut engaazjemint, ferbining oangean, fine dat it net goed is sa't it is, dat it oars moat. Dat is allegearre wat út 'e tiid. En in sjoernalist moat fansels by de tiid wêze. Om in echte sjoernalist te wêzen – en wat provinsjaler oft er wurkje moat, wat sterker de winsk is om him dochs foaral te profilearjen as in echte sjoernalist – mjit er him in hâlding oan fan: fertel my wat.
- 5 Ik wit krekt hoe't dat fierder giet. Eins stiet er in bytsje ûnferskillich foar al dat geskrep en gekreau fan gewoane minsken oer. Mei in Frânsk wurd: hy sjocht mei dédain op it barren del, justjes út 'e hichte, noch krekt ree om der no en dan in stikje oer te skriuwen of in programma oer te meitsjen. It publyk en foaral de minsken oer wa't er skriuwt, moatte him tige tankber wêze dat er dy muoite nimme wol. Dat is de útstrieling fan de 'echte' sjoernalist. Hoedzje my foar de krityske stikjes fan sokke echte sjoernalisten.
- 6 Mar de measte minsken, ek pommeranten, fine it hiel moai om yn 'e krante te kommen of op 'e radio of televyzje. En dan wol leafst in bytsje posityf. Dan moatte jo as sjoernalist hiel sterk yn 'e skuon stean om kritysk te wêzen. Dan moatte jo ek kritysk op josels wêze, sis mar.
- 7 Kritysk wêze dogge jo op basis fan opfettings. Dy moatte je dan wol hawwe. Want as de eigen opfettings oer goed en kwea net de basis foar de krytyk foarmje, dan is der gjin oare noarm as de ferûnderstelde opfettings fan flinke groepen lêzers, harkers en sjoggers. As krytyk gjin oar doel hat as it publyk soppige reportaažjes te bieden dêr't je skande fan sprekke kinne, dan meie sy dy krytyk om my wol foar har hâlde. Gelokkich dogge de Fryske media dat dan ek meastal.
- 8 Opfettings fan sjoernalisten persoanlik is ien ding, it moaiste is as in krante of in omrop sokssawat hat as in eigen identiteit. Kin ús regionale parse him dy eigen identiteit permittearje? It Frysk Deiblêd docht it, mar it is in hiele toer om as kristlike krante de holle boppe wetter te hâlden. De Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân biede eins elkenien wol wat. Guon saken wurde kritysk behannele, mar dat jildt lang net foar alle ûnderwerpen. It hinget der hielendal fan ôf hokker redakteur deroer gear west hat.
- 9 Ornaris, is myn yndruk, binne krante en omrop hjir net echt lestich. Sy binne myld. Want ferskaat biede oan grutte groepen lêzers soene je ek beneame kinne as: oanslute by de folksaad. Fryslân is in grut doarp. Je komme elkoar dochs wer tsjin. En dêr komt noch wat by: it hantsjefol by it grutte publyk bekende Fryske sjoernalisten stekt fansels ek regelmjittich de kop op as presintator fan ynspraakjûnen, foarljochtingsgearnkomsten of soms sels fan bedriuwspresintaasjes. It kin net oars as dat stiet in krityske hâlding yn 'e wei.
- 10 Bytiden konstatare ik gemaksucht. Om in goeie krityske toan te treffen is der njonken it earder neamde engaazjemint ek eftergrûnkennis nedich. Je moatte je ferdjipje yn de saak, ûndersyk dwaan, net tefreden wêze mei oerflakkige kennis. Dat de redaksjes net grut

genôch wêze soene foar sok wurk, kin foar de LC net opgean. En by de Omrop tink ik wolris: al dat folk dat hjir omspaant mei kamera's en triedden en dat rezjy-oanwizings jout, stiet dat noch wol yn ferhâlding ta it tal sjoernalisten?

11 En de konkurrinsje dan, hâldt dy de parse net skerp? Ut ûnderfining wit ik: as de Omrop it nijs as earste hat, komt de Ljouwerter faak mei in lyts berjocht oer itselde feit. En hat de krante it as earste, dan komt it faak net mear foar de radio.

12 Mar earlik is earlik: de Ljouwerter Krante is ien fan de grutste en stabylste regionale deiblêden. Omrop Fryslân wurdt goed besjoen en beharke. Miskien hat it Fryske folk ek net safolle ferlet fan krityske sjoernalistyk. En miskien is it doel fan de krante of in omrop wol hielendal net om in krityske faktor yn de maatskippij te wêzen. Ferdivedaasje biede, lêzers befêstigje yn har opfettings, wichtige persoanen moai belangryk bliuwe litte. Dan rint men ek gjin risiko om deaknypt te wurden, lykas dy lús yn 'e pels. Mar winliken fielt it dochs no en dan wat ûngemaklik. En dan wol men fan in oar hearre dat it dochs wol wat kritysker kin. No, graach dien.

Nei: Willem Verf, de Moanne, septimber/oktober 2002

Tekst 2

DE BOER IS SYN STATUS KWYT

1 Geert Mak skriuwt yn syn boek *Hoe God verdween uit Jorwerd. Een Nederlands dorp in de twintigste eeuw* (1996) dat de status fan de boer troch de jierren hinne sterk weromrûn is. Castelein, Kuindersma en Hijlkema, leden fan de âlde boere-adel út it doarp, binne Sake, Hindrik en Bonne wurden. It binne neffens Mak gjin "heren" mear.

2 Ik bin it iens mei Mak dat de status fan de boer efterútgien is. Dat iepenbiere him lykwols net allinne yn it neamen fan de foarnammen. Dat is op it stuit oeral de gewoante. Yn Littenseradiel – de gemeente dêr't Jorwert yn leit – wurdt boargemaster Liemburg faak Johanneke neamd en de direkteuren fan suvelfabriken binne gjin mynhear mear. Dat is de sang fan de tiid en mar goed ek.

3 Nee, de status fan de boer hat te meitsjen mei macht en it wurk dat de boer docht. Eartiids hie er arbeiders foar it wurk en seach er derop ta dat it goed dien waard. Hjoed de dei hat de boer masinen, mar hy moat sels it wurk dwaan. Dêrnjonken hie de boer eartiids in foaroansteande posysje yn it doarp. Hy siet yn de wichtichste bestjoeren. Hy hie der de tiid foar. Dat is no oars. Hy hat gjin tiid mear en boppedat is syn oansjen slim feroare.

4 Waling Dykstra skreau yn 'e twadde helte fan 'e njoggentjinde ieu:

*Ik wol de boerestân ris romme
En sjong in fleurich liet har ta
Want fan de boer moat alles komme
En fan de boer moat elk it ha
De wolfeart fan de boerestân
Is wolfeart foar ús hele lân*

Dat wiene nochris tiden foar de boer. Hy waard wurdearre en bewûndere. Hy joech de toan oan. Op 't eigen hiem, mar ek yn de mienskip. Dat hat ieuwen duorre. Boeren sieten yn bestjoeren fan de tsjerken, it Nut en alles wat fan belang wie foar doarp en plattelân.

5 It feit dat boeren yn bestjoeren sieten, betsjutte tagelyk dat dat foar de arbeider net weilein wie. De boer wie fier boppe de arbeider ferheven. Dy die wat de boer woe. Siet dus yn alle gefallen net mei him yn in bestjoer. In dúdlik, mar ek skrinend foarbyld is altyd noch de iisklup fan in doarp yn earder tiden. De boer bestjoerde en de (losse) arbeider probearre der yn 'e winter as baanfager wat by te fertsjinjen. Wybren Altena skreau der in fers oer. It earste kûplet fan 'De Baenfager' seit alles (omstavere):

*De winterkjeld makke 'm oerstallich
By 't wurk fan 'e baas wie er oer
Syn berntsjes en wiif moasten ite
En hy, heit, fertsjinne gjin stoer.*

De arbeider seach syn boer yn 'e winter net allinne op 'e iisbaan, mar ek by de diakonij.

- Dan moasten de arbeiders faak de hân ophâlde. Deselde boer, dy't dien joech, stoppe de earne húshâlding wat ta út de rykdom fan de Tsjerke.
- 6 Oant yn de jierren fyftich fan de foarige ieu is de status fan de boer sawat gelyk bleaun. Hy wie de baas. Syn wurd wie wet. De arbeiders wennen yn arbeiderswenten, dy't by de pleats hearden. As se har yn 'e hjerst by in oare boer bestelden, moast der op maaie wer ferhuze wurde. Dan begûnen boer en arbeider faak allebeide wer in nij aventoer.
- 7 Sa wie it dus. De boer ûntliende syn status benammen oan syn macht en minder oan syn persoanlikheid. Hy hie jild en besit; in aardich part fan it doarp wie fan him ôfhinklik. Net allinne it arbeidersfolk, mar ek de middenstân. Dêrom waard er ek faak keazen yn bestjoeren. De boer fûn it de gewoanste saak fan 'e wrâld. Oaren doarsten syn status (noch) net oan te taasten. It wie ek in gewoanterjocht dat boeren rûnom foaroan sieten en oaren der net by hawwe woene.
- 8 Ik wit it noch by ús thús. Us heit wie ien út in keppel fan alve bern en pake wie feekeapman. Hy koe se net allegearre boer meitsje. Sa waard ús heit nei syn trouwen boerearbeider. Dat hold ûnder mear yn dat hy yn it doarp - Jorwert - net lid wurde koe fan it Nut (Maatschappij tot Nut van het Algemeen). Yn 'e (earste) *Encyclopedie van Friesland* (1958), útjûn ûnder auspysjes fan de Fryske Akademy, stiet: "De gedachte der volksontwikkeling in het 'Nut' sloot bij de verlichtingsidealen der Vrijzinnige dorpsnotabelen wonderwel aan." Lykwols: "Arbeiders noch rechtzinnigen zag men op de avonden."
- 9 Sa wie 't. Doe't ús heit boer waard op in hierspul, waard er fuortdaliks frege om lid te wurden fan it Nut. Hy sei ja, tsjin it sin fan ús mem, dy't thús omfûtere: "Ik hie it net dien. Doe't wy arbeider wiene, wiene wy te min. No't wy boer binne, wolle se ús graach hawwe. Dat hoecht om my net." Letter hat ús mem altyd nei de jûnen west om't se der dochs graach by hearre woe. En ús heit siet yn in omsjoch yn 'e tsjerkerie. It wie yn 'e minne tritiger jierren fan de foarige ieu.
- 10 De grutte omslach foar de boer is kommen mei de meganisaasje yn de jierren fyftich en sechstich. It wie in grutte foarútgong yn de sektor. Letter bliket it ien grutte efterútgong te wêzen foar de status fan de boer. De meganisaasje ferdreau de arbeider fan de pleats. De melkmasine en de trekker kamen, de arbeider ferdwûn. Dy fûn dat net slim. Hy koe oan 'e slach yn de yndustry. Foar him in ferbettering. Wurkje op fêste tiden, yn 't wykein frij en net mear alle jierren yn ôfwachting fan in nije ôfspraak mei de boer. Ek net mear wenje yn it hûs fan de boer. Koartsein frijheid.
- 11 Dat joech nije mooglikheden. It tal boeren yn it doarp naam ôf troch de skaalfergrutting. Mei de melkmasine en al it oare ark koene de pleatsen folle grutter wurde. It tal minsken dat wurke yn de yndustry of in amtlike funksje hie, naam ta. De struktuer fan it doarp waard oars. Hieltyd minder boeren. De arbeiders hiene neat mear te krijen mei de macht fan de boer. It die bliken dat de kapasiteit fan de arbeiders om bestjoersfunksjes yn te nimmen op syn minst sa grut wie as dy fan de boeren. Se namen de plakken yn de bestjoeren oer. Sûnder dat der in revolúsje ûntstie, kaam it bestjoer fan plattelân en doarp yn hannen fan wurknimmers en amtlik folk.
- 12 De boer heakke op mannich front ôf. Hy hie it bannich op syn eigen bedriuw. Hy stie der sels foar. Mei syn boerinne, dy't yn it ferline de húshâlding bestjoerde mei in faam, mar no sels de hannen út de mouwen stekke moast en fakentiden de net betelle arbeider fan de boer waard. Letter fanwegen fiskale regels omsetten yn in maatskipskontrakt. Sa binne de boer en boerinne hjoed de dei tegearre drok dwaande op harren hiem. Boppedat sjocht de wrâld hiel oars tsjin harren oan. Se kontrolearje hoe't de boer mei syn fee omgiet. Se hawwe in miening oer it lânskip. Dat alles fertaalt him yn gâns regels foar de boer. Dêr hat er it mear oan.
- 13 In protte boeren hawwe in hiel oar berop krige as dêr't se foar keazen. Eartiids de arbeider(s) foar it wurk en sels it bestjoer oer de pleats en in wichtich plak yn it maatskiplik libben. No hat de maatskippij fia regeljouwing foar in aardich part it bestjoer oer it dwaan en litten fan de boer. En de arbeider hat syn sit yn de bestjoeren ynnommen.

Nei: Jan de Vries, de Moanne, april 2000